

1 AMOS

De fisjoenen dy't Amos, skieppeboer út Tekóa, sjoen hat oer Israel, yn 'e tiid dat Oezzia kening fan Juda wie, en Jerobeäm, de soan fan Joäsj, kening fan Israel, twa jier foar de ierdbeving.

Dit binne syn wurden:

De HEAR daveret fan 'e Sion,
út Jeruzalem lit er syn lûd hearre.
Dêrom ferkwine de greiden fan 'e hoeders
en fertoarret de top fan 'e Karmel.

Dit seit de HEAR: Nei de safolste misdied fan Damaskus hâld ik him net mear tsjin. No't se ek noch Gilead mei izeren sliden terske hawwe,

smyt ik fjoer yn Hazael syn hûs dat de stinzen fan Benhadad platbaarne sil.

Ik brek de slútboom fan Damaskus stikken. Dy't op 'e troan sit, reagje ik fuort út Bikat-Aven en dy't de skepter swaaite, reagje ik fuort út Bet-Eden. It folk fan Aram giet yn ballingskip nei Kir – de HEAR hat sprutsen.

⁶ Dit seit de HEAR: Nei de safolste misdied fan Gaza hâld ik him net mear tsjin. No't se ek noch hiele kloften ballingen ôffierd en útlevere hawwe oan Edom, smyt ik fjoer yn it bolwurk fan Gaza, dat syn stinzen platbaarne sil. ⁸ Dy't op 'e troan sit, reagje ik fuort út Asjdod en dy't de skepter swaaite, reagje ik fuort út Asjkelon. Ik kear de hân tsjin Ekron; wat der noch oer is fan 'e Filistinen sil te'n ûnder gean – God de HEAR hat sprutsen.

⁹ Dit seit de HEAR: Nei de safolste misdied fan Tyrus hâld ik him net mear tsjin. No't se ek noch hiele kloften ballingen útlevere hawwe oan Edom en net tocht hawwe om it ferbûn mei har bruorren, smyt ik fjoer yn it bolwurk fan Tyrus, dat syn stinzen platbaarne sil.

Dit seit de HEAR: Nei de safolste misdied fan Edom hâld ik him net mear tsjin. No hawwe se ek noch har broer mei it swurd neisitten, sûnder in sprankje begrutsjen. Syn lilkens is altiten like ferskuorrend, syn obsternatens giet nea wer oer.

Dêrom smyt ik fjoer yn Teman, dat de stinzen fan Bosra platbaarne sil.

Dit seit de HEAR: Nei de safolste misdied fan Ammon hâld ik him net mear tsjin. No't se ek noch, om har gebiet te fergrutsjen, de froulju fan Gilead, swier fan in bern, iepenripte hawwe lit ik in fjoer oplôgje yn it bolwurk fan Rabba. Dat sil syn stinzen platbaarne sil, wylst de kriichsrop klinkt op de dei fan 'e striid en de stoarmwyn bolderet op de dei fan it needwaar. Har kening giet yn ballingskip, hy, tegearre mei syn notabelen – de HEAR hat sprutsen.

2

Dit seit de Hear: Nei de safolste misdied fan Moäb hâld ik him net mear tsjin. No't se ek noch de

bonken fan 'e kening fan Edom ferbaarnd hawwe ta kalk,
smyt ik fjoer yn Moäb, dat de stinzen fan Keariot platbaarne sil. Stjerre sil Moäb ûnder in
alderheislikst geraas, ûnder it lûd fan kriichsgeroft en by de klank fan 'e rammehoarn.
Ik reagje syn hearsker fuort út syn fermidden en mei him doch ik ek syn notabelen dea – de
HEAR hat sprutsen.

Nei de safolste misdied fan Juda hâld ik him net mear tsjin. No hawwe se ek noch it ûnderrjocht
fan de HEAR fersmiten en syn regels net holden. Se hawwe har op in dwaalspoar bringe litten
troch har leagengoaden, dêr't har foarâlden ek al efteroan rûnen.
Dêrom smyt ik fjoer yn Juda dat de stinzen fan Jeruzalem platbaarne sil.

Dit seit de HEAR: Nei de safolste misdied fan Israel hâld ik him net mear tsjin. No ferkeapje se ek
noch in rjochtfeardige om har sinten werom te krijen en in earme as se ferlet hawwe fan in pear
skuon.

Se binne derop út de helpleazen de grûn yn te wâdzjen en de wei fan de ellindigen ta in
slingerpaad te meitsjen. Heit en soan dogge it mei itselde fanke en sa ûntwijsje se myn hillige
namme.

Njonken alle alters geane se lizzen op 'e klean dy't yn ûnderpân jûn wiene, yn it hûs fan har
goaden drinke se wyn dy't as boete ynbard wie.

Ik hie noch wol de Amoriten foar har eagen útrûge dy't sa heech wiene as seders en sa sterk as
iken, útrûge haw ik se mei woartel en tûke.

Ik hie jimme noch wol út Egypte ophelle en jim troch de woestyn gean litten, fjirtich jier lang,
dat jimme it lân fan 'e Amoriten yn besit nimme soene.

Ik liet út jim soannen profeten opkomme en út jim jongfeinten nazireeërs. Ja dochs, folk fan
Israel? – útspraak fan de HEAR.

Mar jim joegen de nazireeërs wyn te drinken en hieten de profeten: 'Gjin geprofetear hjir!'

Tink der mar goed om dat ik it bin
dy't de grûn ûnder jim kreakje litte sil,
lykas in wein dy't ôfladen is mei skeaven.

De flugge is de flecht ûntnommen,
de sterke hat neat oan syn krêft,
de held kin it libben der net ôfrêde,

de bôgesjitter kin gjin hoekhâlde,
de hurddraver net ûntkomme,
de ruter it libben der net ôfrêde,

ek de flinkste held sil dy deis neaken útnaie –
útspraak fan de HEAR.

Harkje nei it boadskip dat de HEAR sprutsen hat tsjin jimme, folk fan Israel, tsjin it hiele slach folk dat ik ophelle haw út Egypte:

Fan alle folksstammen op 'e ierde haw ik inkeld mei jimme yn 'e kunde komme wollen, dêrom sil ik op jimme jim misdieden ferhelje.

Kinne twa mei-inoar ûnderweis wêze sûnder dat se inoar moete hawwe?

Sil in liuw yn 'e bosk brinzgje as er noch gjin proai hat,
in welp út syn skûlplak syn lûd hearre litte salang't er gjin bútt hat?

Dûkt in fûgel nei de grûn ta as der gjin fal is,
springt it net fan 'e grûn op as der hielendal neat te fangen is?

Soe der yn 'e stêd op 'e rammehoarn blaasd wurde kinne, sûnder dat it folk opskrillet?
Soe der kwea yn 'e stêd dien wurde kinne, sûnder dat de HEAR fanwegenkomt?

Mar God de HEAR docht neat sûnder dat er syn plan te witten docht oan syn tsjinstfeinten, de profeten.

No, de liuw hat brinzge, hoe soe men net benaud wêze?
God de HEAR hat sprutsen, hoe soe men net profetearje?

Lit dit boadskip hearre oant yn 'e stinzen fan Asjdod en de stinzen fan Egypte: 'Kom byinoar op de bergen fan Samaria en sjoch hoe grut oft de gaos dêr is, hoe't de minsken ûnderdrukt wurde yn dy stêd.

Se hawwe gjin benul fan rjocht dwaan – útspraak fan de HEAR – , se heapje yn har stinzen guod op dat se har mei geweld en bedriging taeigene hawwe.'

Dêrom is dit it boadskip fan God de HEAR: De fijân sil it lân yn 'e skjirre krije. Hy sil dyn bolwurk delhelje en dyn stinzen sille útplondere wurde.

Dit seit de HEAR: It folk fan Israel sit dêr yn Samaria mar wat te sitten yn 'e hoeke fan 'e bank of op in lúkse lisstoel. Mar der sil krekt likefolle fan rêden wurde as in hoeder rêde kin út 'e bek fan in liuw: twa achterpoatsjes of in hoekje ear.

Harkje goed en warskôgje it folk fan Jakob – útspraak fan God de HEAR, de God fan de legermachten.

De deis dat ik de misdieden fan Israel op har ferhelje, sil ik ek ôfweve mei de alters yn Bet-El. De hoarnen fan it alter wurde derôf houd en falle oer de weareld.

Ik ferniel it winterhûs mei it simmerhûs en de huzen fan ivoar geane deroan: dien is it mei al dy grouwe huzen – útspraak fan de HEAR.

4

Froulju, harkje nei dit boadskip, soadsje kij fan Bazan op 'e berch fan Samaria, dy't de helpleazen útsûge en de earmen ferniele, dy't tsjin har keardel sizze: 'Bring ús wat te drinken.'

God de HEAR hat sward by syn eigen hilligens: Wiswier, der sil foar jimme in tiid komme dat se jimme mei in line ophelje en wat der noch fan jimme oer is mei in fiskheak.
Troch bressen sille jimme stik foar stik de stêd út sleept wurde en fuortslingere nei de Hermon.

Kom nei Bet-El en doch mar kwea, kom nei Gilgal en doch der noch in skepke boppe-op. Bring moarnier jim offers en oaremoarn jim tsienden.

Lit it tankoffer fan suorre brea mar rikje, rop mar lûd fan jim frijwillige jeften, dat elkenien it hearre kin, want, Israeliten, dêr meie jim graach oer, no? – útspraak fan God de HEAR.

Ik wie it dy't der yn al jim stêden foar soarge dat jim tosken skjin bleaunen, mei't ik jimme krapte oan brea joech yn al jim wenplakken. Dochs binne jimme net by my weromkommen – útspraak fan de HEAR.

Ik wie it dy't foar jimme de rein opkearde, trije moanne foar de risping. Ik liet it reine yn 'e iene stêd, mar yn 'e oare stêd liet ik it net reine. Op it iene stik lân reinde it, mar it oare stik lân, dêr't it net op reinde, ferkaam.

Twa, trije stêden stoartelen nei in oare stêd om mar wetter te drinken, mar har toarst waard net ferslein. Dochs binne jimme net by my weromkommen – útspraak fan de HEAR.

Ik haw jim nôt oantaast mei swam en skimmel. Ik haw jim tunen en wyngerds útdrûgje litten, de rûpen hawwe jim fige- en olivebeammen keal fretten. Dochs binne jimme net by my weromkommen – útspraak fan de HEAR.

Ik haw de pest ûnder jimme stjoerd krektlyk as yn Egypte, ik haw jim jongkeardels deadien mei it swurd, wylst jim hynders ôffierd waarden, en ik haw jimme de lyklucht fan jim eigen leger rûke litten. Dochs binne jim net by my weromkommen – útspraak fan de HEAR.

Ik haw jim ûnderstboppe keard lykas Gods omkearing fan Sodom en Gomorra, jim binne wurden as in ferkoalle stik hout dat út 'e flammen skuord is. Dochs binne jimme net by my weromkommen – útspraak fan de HEAR.

Dêrom, sa sil ik mei dy dwaan, Israel. Ja, omdat ik dy dit oandwaan sil: set dy mar te skrep foar de konfrontaasje mei dyn God, Israel.

¹³ Want sjoch, hy dy't de bergen foarmet en de wyn skept,
dy't de minske bekend makket wat er fan doel is,
dy't it moarnsread ta tsjusternis makket,
dy't stapt oer de hichten fan 'e ierde,
HEAR, God fan legermachten, is syn namme.

5

Harkje nei dit wurd, in kleiliet dat ik oer jimme oanhef, folk fan Israel:

Fallen is Israel, se sil net wer oereinkomme,
beroaid leit de jongfaam oer har eigen grûn, net ien dy't har oereinhelpt.

Jawis, dit seit God de HEAR: De stêd dy't yn 'e striid giet mei tûzen man, hâldt hûndert oer, en de stêd dy't der mei hûndert man yngiet, hâldt tsien oer foar it folk fan Israel.

Wier, dit seit de Hear tsjin it folk fan Israel: Sykje my en hâld it libben!

Sykje it net yn Bet-El, kom net nei Gilgal ta, reizgje net nei Beër-Sjêba. Want Gilgal sels sil útband wurde en Bet-El wurdt in plak fan neat.

Sykje de HEAR en hâld it libben. Oars sil er as in fjoer ûnder Joazef syn folk húshâlde en Bet-El fertarre, sûnder dat der ien is dy't de brân dôvje kin.

Jimme! dy't it rjocht yn bitterheid feroarje en de gerjochtichheid oer de wearld smite!

Hy dy't de Plejaden en Orion makke hat,
dy't de nearste tsjusternis feroaret yn moarnsread
en de dei sa tsjuster makket as de nacht,
dy't it wetter fan 'e see opropt en it oer de ierde útstoart,
HEAR is syn namme,

dy't ynienen it geweld oer de sterke komme lit,
ja, it geweld komt op syn fêsting ta.

Se haatsje ien dy't yn 'e poarte foar it rjocht opkomt en hawwe in griis fan ien dy't rjochtút praat.

Dêrom, al hawwe jimme huzen fan natuerstien boud, jimme sille der net yn wenje, al hawwe jimme wyngerds oanlein dy't in lust foar it each binne, jimme sille der gjin wyn fan drinke. Want jimme wâdzje oer de helpleaze hinne en pongje him syn nôt ôf.

Ik wit sekuer hoe'n protte misdieden oft jimme begien ha en hoe machtich oft jim sûnden binne: rjochtfearrigen teisterje, smarjild oannimme en fan it rjocht fan earne minsken in tizeboel meitsje.

Dêrom, ien dy't syn ferstân hat, hâldt him no stil, want it is in minne tiid.

Sykje it goede op, net it kweade, dan sille jimme libje. Dan sil de HEAR, de God fan de legermachten, oan jim kant stean, lykas jimme altiten sizze.

Haatsje it kweade, hâld fan it goede, hanthavenje yn 'e poarte it rjocht. Miskien dat de HEAR, de God fan de legermachten, it oerbliuwsel fan Joazef dan genedich is.

Dêrom – seit de HEAR, de God fan de legermachten, de Hear – sil der op alle pleinen roubeklach klinke, sille se oeral bûtendoar sizze: 'Och hea! Och hea!' Se sille ien dy't op it lân wurket oproppe foar leedoansizzen en minsken dy't fertroud binne mei jammerklacht foar roubeklach. Yn alle wyngerds sil roubeklach klinke, want ik gean yn dyn fermidden om, seit de HEAR.

¹⁸Wee har dy't longerje nei de dei fan de HEAR. Watfoar dei oft de dei fan de HEAR foar jimme wêze sil? In dei fan tsjusternis, net fan ljocht. ¹⁹Ferlykje it mei ien dy't flechtet foar in liuw en in bear tsjin it liif rint. Hy komt noch thús en hinget mei de hân tsjin 'e muorre. Mar dan byt in slange him.

Wier, tsjusternis is de dei fan de HEAR, gjin ljocht, neare nacht, gjin sprankje ljocht.

Ik haatsje, haw in griis fan jim feesten, ik kin net oer de lucht fan jim gearkomsten.

Want al bringe jimme my brânoffers en moaloffers, ik haw der gjin nocht oan, it fredeoffer fan jim mestfee, ik mei it foar myn eagen net sjen.

Besparje my it lawaai fan dyn lieten, dyn getyspel op de snaren mei ik net hearre.

Mar lit it rjocht streame as wetter en de rjochtfeardichheid as in beek dy't nea drûchfalt.

Binne jimme dy fjirtich jier yn 'e woestyn ea by my kommen mei fleis- en moaloffers, folk fan

Israel?

Of hawwe jimme doe omtôge mei jim bylden fan Sakkût, jim kening, en fan Kewan, in stjer, goaden dy't jimme sels makke hawwe?

Dat ik haw besletten om jimme yn ballingskip te lieden, noch fierder as Damaskus, seit de HEAR. God fan de legermachten is syn namme.

6

Wee har dy't yn Sion fan neat witte, dy't op de berch Samaria har fan gjin kwea bewust binne, de promininten fan it pronkje ûnder de folken, dêr't it folk fan Israel syn heil by siket.

Reizgje nei Kalne en jou dyn eagen de kost, gean fan Kalne nei it grutte Hamat, sakje dan wer ôf nei Gat, stêd fan de Filistinen. Stiet it der mei har better foar as mei dy keninkriken fan jimme, makket har gebiet mear yndruk as jimmes?

Dat tinkt dat it mei de dei fan it ûnheil wat tafalle sil, mar ûnderwilens binne jim drok dwaande it geweld oan 'e macht te bringen.

Dat leit mar op bêden fan ivoar en hinget mar wat om op 'e bank, en yt de lamkes fan it lytsfee, de kealtsjes út 'e stâl op.

Dat spilet mar foar it faderlân wei op de snaren fan de harp, se hawwe foar harsels spyltúch útfûn, as wiene se David sels.

Dat drinkt mar wyn by de fleet, se fersoargje de lea mei earsteklas oalje, mar bekroadzje har der net om dat Joazef stikken brutsen wurdt.

Dêrom sille sij no foarop gean yn 'e ballingskip, dien is it mei de bombaarje fan dy slampampers.

God de HEAR hat sward by himsels – útspraak fan de HEAR, de God fan de legermachten: Ik haw in wjeraksel tsjin de grutskens fan Jakob, syn stinzen haatsje ik. Dat ik haw dy stêd yn al syn hear en fear opjûn.

Mocht it sa wêze dat yn ien hûs noch tsien man oerbleaun binne, stjerre sille se.

Hat ien syn neiste famyljelid, dy't syn omskot ferbaarne sil, him ta de hûs út tôle, seit er tsjin ien dy't noch achter yn it hûs is: 'Binne dêr noch mear?' en dy antwurdet: 'De lêste,' dan sil er sizze: 'Sst. Helje de namme fan de HEAR der net by.'

Tink der mar goed om, it is de HEAR dy't it befel fiert. Hy slacht grutte huzen oan gruzels en lytse huzen oan spuonnen.

Drave hynders faaks tusken de rotsen, ploegget men de see mei oxen? Mar sa feroarje jimme no it rjocht yn fergif en litte jimme de rjochtfearnichheid útgroeie ta bitterheid.

O sa bliid mei Lodebar – Neatsteradiel – , jimme dy't sizze: Ha wy net op eigen krêft Karnaïm ynnommen?

Tink der mar goed om – útspraak fan de HEAR, de God fan de legermachten: Ik set tsjin jimme, folk fan Israel, in folk op dat jim ûnderdrukke sil fan 'e tagongswei nei Hamat oan de beek Araba ta.

7

Dit hat God de HEAR my sjen litten: hy wie dwaande om in kloft sprinkhoannen te foarmjen, sjoch, doe't it nijgers begûn op te kommen. (Dus it gers dat opkaam nei't der foar de kening

meand wie.)

Mar doe't se dien meitsje soene mei it grien op it lân, sei ik: 'HEAR, myn God, ferjou dochs! Hoe soe Jakob oerein bliuwe kinne? Hy is ommers sa lyts!'

Doe krige de HEAR der berou fan. Hy sei: 'It moat net wêze.'

Dit hat God de HEAR my sjen litten: God de HEAR wie dwaande it fûnis te wizen, sjoch, mei fjoer. It fjoer hie de oersee al ferslynd en soe ek it boulân fersline.

Doe sei ik: 'Hear, myn God, hâld hjirmei op! Hoe soe Jakob oerein bliuwe kinne? Hy is ommers sa lyts!'

Doe krige de HEAR der berou fan. Hy sei: 'It moat ek net wêze.'

Dit hat er my sjen litten: de Hear, wylst er op in muorre stie, mei yn syn hân, sjoch, in stik lead oan in tou.

De HEAR sei tsjin my: 'Wat sjochsto, Amos?' Ik antwurde: 'In sjitlead.' Hy sei: 'Sjoch, ik lit it sjitlead by myn folk Israel delhingje. Ik kin der net langer oan foarbygean hoe't it út it lead hinget.

Utrûge wurde de offerhichten fan Izaäk, yn pún slein de hillichdommen fan Israel. Ik kear my mei it swurd tsjin it hûs fan Jerobeäm.'

Doe stjoerde Amasja, de pryster fan Bet-El, dit boadskip oan Jerobeäm, de kening fan Israel: 'Amos stokelet tsjin jo gear, midden ûnder it folk fan Israel. Us lân kin net op tsjin wat er allegearre seit. ¹¹ Dit hat Amos sein: "Jerobeäm sil stjerre troch it swurd en Israel sil wis en fêst yn ballingskip gean, ferdreaun fan syn grûn."

Amasja sei tsjin Amos: 'Sjenner, fuort do. Meitsje datst yn it lân fan Juda komst. Fertsjinje dêr dyn brea mar mei profetearjen.

Mar yn Bet-El moat it dien wêze mei dat geprofetear. Want dit is it hillichdom fan de kening, de timpel fan it keninkryk.'

Mar Amos antwurde Amasja: 'Ik bin gjin profeet fan profesje, ik bin feehâlder en figekweker.

Mar de HEAR hat my achter it fee weihelle en tsjin my sein: "Jou dy op wei om tsjin myn folk Israel te profetearjen."

Harkje no nei it boadskip fan de HEAR, jo mei jo boadskip: "Profetearje net tsjin Israel, spui gjin ferkeard wurd tsjin it folk fan Izaäk."

Dêrom hat de HEAR jo dit te sizzen: Jo frou sil yn 'e stêd as hoer libje moatte en jo soannen en dochters sille falle troch it swurd. Jo grûn sil mei it mjitsnoer ferparte wurde, josels sille op ûnreine grûn stjerre en Israel sil wis en fêst yn ballingskip gean, ferdreaun fan syn grûn'.

8

Dit hat God de HEAR my sjen litten: Sjoch, in koer mei ripe prommen.

Hy sei: 'Wat sjochsto, Amos?' Ik sei: 'In koer mei ripe prommen.' De HEAR sei tsjin my: 'Myn folk Israel is ryp foar syn ein. Ik sil it net mear út 'e prommen helpe.

Dy deis sille yn 'e timpel de lieten útskriemd wurde – útspraak fan God de HEAR. Oeral yn 'e stêd lizze de liken oer de weareld smiten. Sst.'

Harkje hjirnei, jimme dy't de earmen oanpakke om mei de ellindigen fan it lân ôf te weven.

Jimme sizze: 'Wannear is nijmoanne einliks foarby, dat wy wer nôt ferkeapje kinne, wannear de sabbat, dat de koarnbeurs wer iepen kin, dan meitsje wy de efa lytser, de sikkel swierder en passe wy mei slûchslimmens de skealjes oan.

Dan keapje wy de helpleazen foar sinten en de earmen foar in pear skuon. Ek de hulen fan 'e kerls sille wy noch as nôt oan 'e man bringe.'

De HEAR hat sward by de grutskens fan Jakob: Noait sil ik ek mar ien fan har dieden ferjitte.

Soe de ierde dêr net fan yn ûnstjoer wêze, soene al syn bewenners net rouje? Ja, hy komt alhiel omheech as de Nyl, hy bedarret en saksearret as de rivier fan Egypte.

Dy deis sil it wêze – útspraak fan God de HEAR – dat ik de sinne midden op 'e dei ûndergean lit en by ljochtskynde de ierde tsjuster meitsje.

Ik feroarje jim feesten yn roue en al jim lieten yn kleisangen, ik lûk jimme in roukleed oer de lea en skear jimme it hier fan 'e holle. Ik sil it lân rouje litte as om in iennichst bern, dat de lêste dei fan dit lân sil in bitterenien wêze.

Sjoch, der komt in tiid – útspraak fan God de HEAR – dat ik honger op it lân ôfstjoer. Gjin honger nei brea, gjin toarst nei wetter, mar nei wat de HEAR te sizzen hat.

Se dwale fan see nei see en slepe har fan noard nei súd om in wurd fan de HEAR te sykjen, mar se fine it net.

Dy deis ferkomme de kreaze famkes en de stoere jonges fan toarst.

Dy't swarre by de sûnde fan Samaria, dy't sizze: 'Sa wier as dyn God libbet, Dan!', of: 'Sa wier as dyn wei libben bringt, Bersjeba!', falle sille se, se komme net wer oerein.

9

Ik seach de Hear op it alter stean. Hy sei: 'Slaan it houwiels yn de foarhal, dat de pylders omfalle en op de hollen fan alle minsken dêr yn stikken falle. Dy't fan harren oerbliuwe, bring ik mei it swurd om it libben. Guon dy't flechtsje wolle, slagget dat net, guon dy't ûntsnappe wolle, ûntkomme net.

Al soene se ta it deaderyk trochkringe, ik helje se dêr mei eigen hân wer wei, al soene se ta de himel opklimme, ik lûk har mei eigen hân wer fan boppen.

Al soene se har ferstopje op 'e top fan de Karmel, ik spoar har op en helje har dêrwei, al soene se har foar myn eagen ferbergje op 'e boaiem fan 'e see, ik hjit de slange dêr dat er har bite sil.

Al soene se as kriichsfinzenen foar har fijannen útdreaun wurde, dan noch hjit ik it swurd om har om hals te bringen. Ik hâld har yn it each om har kwea te dwaan, net om har goed te dwaan.'

God, de HEAR fan de legermachten,

dy't de ierde oanrekke, dat er skodde en al syn bewenners rouje.

Hy komt alhiel omheech as de Nyl en saksearret as de rivier fan Egypte;

dy't yn 'e himel syn opkeamers boud hat,

en syn flier op de ierde fêstlein hat;

dy't it wetter fan de see roppen hat,

om it oer de ierde út te jitten,

HEAR is syn namme.

Binne jimme, Israeliten, foar my net lyk oan de Nûbiërs? – útspraak fan de HEAR. Ik haw dochs net allinne Israel út Egypte fierd, mar ek de Filistinen út Kaftor en Aram út Kir?

Tink derom, God de HEAR hâldt dit sûndige keninkryk yn it each. Ik haw besletten en reagje it fan 'e ierde. Ik sil it folk fan Jakob lykwols net hielendal útrûgje – útspraak fan de HEAR.

Want sjoch, ik jou befele en lit mei alle folken ek it folk fan Israel hiftsje en skiftsje, lykas nôtkerls troch de souwe skodde wurde: gjin stientsje falt dertrochhinne.

Troch it swurd sille se stjerre, alle sûnders fan myn folk, dy't sizze: 'Jo sille ús net op 'e hûd sitte, it kwea sil ús net te pakken krije.'

Dy deis sil ik de ynsakke hutte fan David oereinsette, syn skuorren mitselje ik ticht, syn brokstikken bring ik wer teplak, ik bou him wer op lykas yn it fiere ferline.

Dêrom, wat der noch oer is fan Edom, ja, fan alle folken dêr't myn namme oer útroppen is, sille sy yn besit nimme – útspraak fan de HEAR dy't dêrmei dwaande is.

¹³ Wiswier, der komt in tiid – útspraak fan de HEAR – dat ploeger en meaner, druvetraper en siedder inoar al treffe op it lân. De bergen litte it druvesop streamen en alle heuvels wurde dweiltrochwiet fan it sop.

Ik sil it libben fan myn folk Israel oer alle boegen te'n goede keare. Se sille stêden dy't yn pún lizze wer opbouwe en der wenje, wyngerds plantsje en de wyn derfan drinken, tunen oanlizze en de opbringst derfan ite.

Ik plantsje har yn har eigen grûn, nea sille se wer út 'e grûn wei skuord wurde dy't ik har jûn haw, seit de HEAR, dyn God.